

"Thús yn tsjerke" ûndersiket oft twa fan de streektalen op Skylge brûkber binne yn de tsjerketsjinsten fan de herfoarme gemeente om Aast.
De ynlieding lit de situaasje sjen fan it Aasters, Meslânzers en it Westers.
Wat soe it ynhâlde foar de tsjerketsjinst as de fiertaal Aasters of Meslânzers wêze soe.
Bestjoerlik foel dit eilân lang ûnder de provinsje Noard-Hollân.

Earst waard de histoaryske stúdzje oer Skylge fan G.A. Wumkes riedplachte. Wumkes wie oan de ein fan de njoggentjinde ieu doomny yn Hoarn op Skylge.
Hoewol, ek yn syn tiid, Skylge noch net by Fryslân hearde, seach Wumkes syn stúdze as in bijdrage oan de skiednis fan syn Frysk heitelân.
Wumkes skriuwt oer it Frysk, net oer de streektalen fan it eilân.

Dêrnei waarden de teksten op de grêfstiennen om Aast besjoen.
Bij hege útsûndering waard in opskrift fûn dat yn de streektaal beitele wie.
Hoe is dit te ferklearjen.

Der binne op Skylge noch hieltyd bern dy't thús opgroeid binne mei aspekten fan de streektalen.
Mar de eardere dosint Aasters yn Hoarne seit dat it tal minsken dat noch Aasters praat lyts is.
Mar dochs hat de streektaal foar in fiks tal minsken bijdroegen oan de eigenheid fan it aastlike part fan Skylge.
Wat kin soks betsjutte foar de tsjerketsjinst.

Ek docht bliken út in "streekscan" dat yn de Meslânzer wudlist in tal wurden te finen is, dy't mei de tsjerke te meitsjen hawwe.
Hjir folget út dat der in beskieden relaasje fûn is tusken lokale taal en tsjerke.
Hoe sinfol soe it dêrom wêze kinne om yn de tsjerketsjinsten plak yn te romjen foar streektalen.
Wat soe soks betsjutte kinne foar de tsjerketsjinst.

In eksperiment mei in liet út Taizé yn streektalen en in ûndersyk nei de wurdearing hjiroer by de tsjerkegongers (gasten en eilanners) lit sjen dat de measten dit posityf beoardielden.
Ek út twa resinte stúdzjes oer it plak fan de tsjerke yn Nederland hjoed de dei wurdt dúdlik hoe 't de tsjerken yn Hoarn en Midslan in belangrijke rol spylje.
It brûken fan streektalen yn tsjerke kin hjir ta bijdrage. En it is ek in bijdrage oan it plak fan de tsjerke.